

# 't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



33e jiergong - nûmer 2, maaie 2010



**Durk Breeuwsma**

loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E [info@durkbreeuwsma.nl](mailto:info@durkbreeuwsma.nl) • I [www.durkbreeuwsma.nl](http://www.durkbreeuwsma.nl)

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur  
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandal • grondverzet



## **Miedema Lighting**

### **Besparingstechniek**

Voor al uw energie zuinige verlichting en  
installatie aanleg kijk voor meer info:

[www.spaarlampen.eu](http://www.spaarlampen.eu) 06-25146668

Redaksje-adres:  
Mireille Galema  
Sylroede 22  
8765 LW Tsjerkwert  
0515-579338

e-mail: [mjyedema@hetnet.nl](mailto:mjyedema@hetnet.nl)

### Redaksje:

Gerben Wijnja	Sylroede 4	0515-579348
Anneke Feenstra	Bolswarderweg 1a	0515-577117
Riemkje Lemstra	Sylroede 5	0515-579706
Fokko Rollema	Singel 8a	0515-579051

## Inhoudsopgave

Inhoudsopgave.....	1
Fan de redaksje .....	2
Vrijwillige bijdragen .....	2
Nieuws van stichting It Waltahûs.....	3
KONINGINNEDAG 30 APRIL 2010.....	6
Nijs fan Eensgezindheid.....	8
EHBO .....	10
KEATS FERIENING DE TWA DOARPEN .....	11
Sjong.....	14
Collectes.....	14
Earste Ijipaai fûn troch Rintsje Bakker .....	15
Kunstrijk Tsjerkwert in de startblokken .....	20
Koken met Riemkje/ 't Lamsearke .....	22
Kleurplaat.....	23
Geboren .....	24
Even voorstellen.....	25
Bedankt .....	27
Verhuisd .....	27
Bezuinigingen AWBZ .....	27
Busdagtocht .....	28
Wandelfit Programma Wûnseradiel .....	29
Vrijwilligers gezocht preventief huisbezoekproject Wûnseradiel .....	30
SNYPSNAREN.....	31



## Fan de redaksje

Achte lêzer,

Einliks is hjir wer in nij nûmer fan de Skieppesturt ! Ja einliks want it is alwer hast 5 moanne lyn dat jim de lêste sturt krigen hawwe. Tiid genôch dus om wer in moai nummer yn mekoar te setten.

Dat de skieppesturten wurdearre wurde fernimme wy fan de reaksjes dy 't wy krije; al jim positive e-mails en finansjele bydragen meitsje it foar ús mooglik om mei in soad nocht en wille de Skieppesturt te meitsjen, tank dêrfoar !

Einliks hawwe wy, nei in kâlde maitiid, no einliks noflik waar. Dus ik soe sizze; sykje in noflik plakje yn de sinne en genietsje fan dizze maitiidskieppesturt !

Groetnis, ek út namme fan de redaksje, fan Anneke F.

## Vrijwillige bijdragen

Vrijwillige bijdragen zijn ontvangen van;

Mts Galama-vd Meer Tjerkwerd, B. Bakker e.o R. Bakker Tjerkwerd, Fam M. Brandsma Tjerkwerd, Fam Huitema Joure, J.J. de Jong Drachten, S. Roelofsen-Burghgraef, Fam Haarma-Hiemstra Tjerkwerd, Fam R. Bakker Tjerkwerd, H. Speerstra e.o. Heerenveen, Fam. H. Feenstra Tjerkwerd, Fam Gaastra Tjerkwerd, S. en D. Bakker-Nol, A. Walsma-de Boer Bolsward, Maatsch. Dijkstra Tjerkwerd, Fam. Ouderkerken Tjerkwerd, H. Veenendaal Renkum, Maatsc. Zijsling Tjerkwerd, Mevr. Goeman Sneek, W. Bootsma e.o Sexbierum, Fam. G. Dijkstra Tjerkwerd, Fam J.R. Huitema Tjerkwerd, Fam W. de Jong Tjerkwerd, Fam. G. Hofstra Bolsward, Fam. F. Gietema Koudum, Fam. J vd Stap Tjerkwerd, Fam, R en G Bakker Tjerkwerd, Fam W. Bakker Tjerkwerd, Fam. O Postma Tjerkwerd, Fam. S. Postma e.o. Arkum, Ellen Postma en Jan Dijkstra Bolsward, Fam. Huisman Tjerkwerd, B.H. Bruinsma e.o, R. Zysling-Twynstra, S. Gietema, Erven J.S. Huitema, Fam Feenstra-Burghgraef, Fam. H. Schakel, C.G. Bouman.

Namens de redactie, heel hartelijk dank voor uw bijdrage!

***Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding  
'Bijdrage 't Skieppesturtsje' en het jaar waar het betrekking op heeft.  
Bankrelatie; Fortisbank Bolsward: Rekeningnummer; 84.76.68.398***

## Nieuws van stichting It Waltahûs

Hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs. Het activiteiten seizoen is bijna alweer ten einde.

We hadden gehoopt om eind januari de verbouwing afgerond te hebben en de vernieuwde keuken te kunnen gebruiken echter de flinke vorst periode heeft fiks roet in het eten gegooid. Gelukkig loopt de verbouwing naar het eind en we hopen dit eind mei helemaal klaar te hebben.

Op de oproep voor de cursus sociale hygiëne hebben 3 mensen gereageerd; Akke en Jan Nota en Mellina Huitema hebben de cursus ondertussen met goed resultaat afgesloten. We hebben er dus weer 3 mensen erbij met dit certificaat. Mochten er overigens meer dorpingen/vrijwilligers zijn die deze cursus ooit hebben gevolgd en wij geen copie van het certificaat hebben dan zou de stichting deze graag ontvangen zodat wij onze administratie verder kunnen aanvullen.

Het Waltahûs heeft middels een brief de diverse verenigingen om een mening gevraagd ten aanzien van het al dan niet openstellen van het Waltahûs na het overlijden van een dorpsgenoot. Dit omdat er de laatste tijd verschillende geluiden te horen waren. Het bestuur heeft het besluit genomen dat het Waltahûs na het overlijden van een dorpsgenoot dicht is voor alle activiteiten.

Hierbij een korte terugblik wat er vanaf januari de revue is gepasseerd:

Op 6 februari hadden we de playback show. Er waren een record aantal aanmeldingen dus het is een erg lange maar gezellige avond geworden. Met veel enthousiasme werden de liedjes gezongen en soms hele toneelstukjes opgevoerd.

Voor 19 februari was een filmavond georganiseerd, helaas viel de opkomst tegen met maar een paar kijkers. We hadden bedacht om regelmatig een filmavond te organiseren maar het lijkt er op dat hier geen interesse voor is...?

Het Waltahûs was op 6 maart veranderd in een heus swingcafe. De muzikale strijd tussen de 3 teams, nieuwbouw (Sylroede/Dyksicht), buitenuit (Baburen/Eemswoude/Arkum) en oude kern (Waltawei/Singel/Kerkstraat), werd gewonnen door laatst genoemde. Een leuke avond waarbij iedereen enthousiast mee deed.

De jaarlijkse vrijwilligers avond werd op 27 maart gehouden en had het "Fout feest". Nou er liepen inderdaad flink fout verklede mensen rond!!. Ook het

duo Healwiis was goed fout bezig en het stampot buffet paste prima in dit thema. Al met al weer een erg geslaagde avond zo aan het eind van ons seizoen!

De activiteiten op Koninginnedag liggen nog vers in ons geheugen en we hebben het uiteindelijk nog erg getroffen met het weer.

In de zomermaanden juni en juli tijdens het WK voetbal toernooi zal het Waltahûs ook open zijn om hier de wedstrijden te kunnen bekijken. Hoe en wat zal tzt bekend gemaakt worden via 'Op de M.A.T.

Een fijne zomer toegewenst namens het bestuur...!!!

## Windkracht 10 helpt Fryske Molestichting mei opknappen molenhúske


De Fryske Mole wie út 'e skroeven doe't sy de rekken foar it ûnderhâld fan it Polderhúske by de Beabuorstermole yntsjinje koe. It wie der yn de rin fan jierren net better op wurden. Dakgoaten dy't lekten, ferrotte wiene, kezinen dy't skurf yn 'e ferve sieten. Opnij in laachje ferve die foar it each wûnders, mar it rottingproses dêrûnder hold oan en wie te grut om by te lapjen.



Der wie mear foar nedich om de saak te rêden. En om't de molestichting wol jild foar molenûnderhâld krijt, mar gjin sint foar it kreas hâlden fan it molenhúske, en fierder sa earm as in lus is, seach mûnder Jos Hoogboom it oansjen stadich achterút gean. Mar doe kaam Windkracht 10 yn byld. It molenhúske is op't lêst ek net samar in polderhúske, mar in museumke dêr't it ferhaal yn ferteld wurdt fan 2000 jier striid tsjin it wetter yn Fryslân. Dit is it wurk fan wijlen mûnder Pier Zijsling, it erfgoed fan in kreatyf mûnefreon dy't syn gelikense net hat. De âldboer dy't wenne op Beabuorren dêr't syn soan

no noch it bedriuw fiert en dêr't yn de rin fan jierren in ferneamd wynturbinepark opboud is. En it is de Beabuorstermole dy't as grûnlizzer fan dy moderne enerzjyopwekkers fungearret, wylst yn it âlde wentsje, dêr't mûnder Koopmans en syn frou as lêsten húsmannen yn de jierren 60 en 70 fan de foarige ieu, besikers paadwiis makke wurde yn de wrâld fan wetterskip, histoarje, mûnen en wynenerzjy.

De lêste wiken is der troch de ûnderhaldsman fan De Fryske Mole hurd wurke om kezingen en dakgoaten te fernijen of by te wurkjen. De muorren sille ek noch neisjoen wurde en dan opnij yn 'e wite ferve komme. Grutte stipe fan de molemakker is frijwillich mûnder Jos



Hoogeboom dy't folop bewûndering hat foar wat Pier Zijsling hjir makke hat. "Dat moet gekoesterd worden. Het is geweldig belangrijk om dat in goede staat te bewaren. Laatst was Zijsling zijn vrouw hier nog. Ze vond het zo mooi om dat werk van haar man weer eens te zien. Om weer even op dit historische terrein te zijn. Maar eigenlijk schaamde ik me dat er nogal wat aan het onderhoud mankeerde." It is mar goed dat dêr no ferbettering yn kommen is. Op de Nationale Molen- en Gemalendag wienen wy op de mole om it wurk te bewûnderjen. En al is it aanst wer dik yn oarder, winsken bliuwe der wol om it erfgoed fan Pier yn stân te hâlden. Mar it Polderhúske kin earst wer foarút.

Gerben D. Wijnja



*Ald en nij op ien plaatsje: de monumintale poldermole op 'e foargrûn met dêrachter yn it fjild fan Beabuorren de moderne wynturbines fan de tichting Windkracht 10.*



## KONINGINNEDAG 30 APRIL 2010

De dag begon goed, het was droog, wel wat wind, met zo nu en dan een flauw zonnetje. De vlaggen wapperden volop in alle straten, dus Koninginnedag kon beginnen.

Om 9.00 uur stonden de eerste kinderen al te popelen voor het Waltahûs, om de ballonnen op te halen. Toen het korps er klaar voor was, zijn we in een grote stoet door het dorp gegaan, op weg naar het sportveld.

Jaap heette ons allen van harte welkom, waarna het korps het Wilhelmus ten gehore bracht, vervolgens konden de kinderen hun ballon op laten.



De winnaar van de ballonnenwedstrijd is Femke Tiesma geworden, haar ballon is in Wittmund, Duitsland gevonden (170 km), de 2<sup>e</sup> ballon is van Marjan Gouda en is in Neuschod, Duitsland gevonden (160 km), de 3<sup>e</sup> is in Marum (50 km) gevonden en is van Jan Wilts en de 4<sup>e</sup> ballon is in Drachten (40 km), deze is van Lucas Bijlsma. Femke gefeliciteerd en de prijs komt naar je toe!

Na de koffie met gevulde koek konden we los, ten eerste met het kaatsen voor jong en oud. Er waren weer veel parturen en de wedstrijden waren behoorlijk spannend.



Om 10.15 uur, ging men los met volleybal, jeu des boules en de kinderspelen. Het was een kleurig spektakel op het veld. Voor de aller kleinsten was er dit keer een springkussen, waar veel gebruik van werd gemaakt.

Tussen de middag waren de kinderspelen afgelopen en ook bij de jeu des boules en het volleyballen waren de prijswinnaars bekend.

Jeu des Boules, 1<sup>e</sup> prijs, Agatha Miedema en Sjors Volbeda, 2<sup>e</sup> prijs, Sietske Dijkstra en Sjoerd Breeuwsma en 3<sup>e</sup> prijs, Albert van Lingen en Japke Swart. Volleybal; 1<sup>e</sup> prijs; Jelle Feenstra, Bouwe Speerstra, Alie Schakel, Djurre Zijsling en Jan Witteveen jr.

Het was een zeer sportieve ochtend.

Om 14.00 uur gingen we met elkaar sjoelen op een baan van 7,5 meter, vooral de jeugd gaf zich in grote getale op, het was zo nu en dan reuze spannend, uiteindelijk is 1<sup>e</sup> geworden, Sigrid de Boer, 2<sup>e</sup> Sander Gouda en 3<sup>e</sup> Femke Lemstra. Bij de volwassenen vlogen de stenen soms over de bak heen, zo fanatiek werd er gegooid, de 1<sup>e</sup> prijs was voor Jaap van Lingen bij de heren en bij de dames Hinke Brandsma.



*Aly Poelstra krijgt bij het sjoelen aanwijzingen van de latere winnares Hinke*

Om ongeveer 16.00 uur was het kaatsen afgelopen, na een spannende partij zijn Ype Bote Bonnnema, Lisanne Burghgraef en Freerkje Walsma winnaars van Koninginnedag 2010 geworden. Zij moesten kaatsen tegen Age Gietema jr, Jacobien Postma en Jentje van der Stap, zij werden dus tweede.

In de verliezersronde stonden Jelle Brandsma, Klaas Boersma en Lianne Huitema tegenover Ids Walsma, Reiny Haytema en Roel Hekkema, het partuur van Jelle Brandsma was net te sterk en wonnen deze partij. Bij de jeugd zijn Klaas Jan Haytema en Jildou Speerstra met de krans naar huis gegaan, en de 2<sup>e</sup> prijs is gewonnen door Robin Bijlsma en Harmen Burghgraef. In de verliezersronde is 1<sup>e</sup> geworden Yvonne Galama en Rianne Hiemstra en 2<sup>e</sup> Ilse Galema en Marit Speerstra.

Om 17.00 uur konden alle kinderen tm groep 8 naar de kinderdisco in het Waltahûs, er waren ruim 70 kinderen, dus volle bak!! Maar onder leiding van Erna Harkema en Jacobien Postma werd het een dolle boel!! Na een uur dansen kregen de kinderen allemaal patat met mayo en limonade. Met rode wangen van het vele dansen is iedereen weer opgehaald door de ouders. En dan het laatste onderdeel van deze dag, de barbecue, waar zich ruim 130 mensen voor op hadden gegeven. Het liep ook direct helemaal vol en de sfeer zat er snel in. Het weer hielp hier ook goed aan mee, want we hebben geen drup regen gehad. Nadat de magen aardig gevuld waren, werd er aan het Rad gedraaid. De bordjes gingen als warme broodjes, dus we waren zo door alle prijzen heen.

Al met al kan ik zeggen dat het een ZEER GESLAAGDE DAG was!!!

Riemkje Lemstra, namens de Oranjevereniging.

## Nijs fan Eensgezindheid.

Eensgezindheid hat wer warber west ôfrûne winterskoft al sizze we it sels. Nei de kryst ha we ús fuort en dalik op it konkoers stoarten want der ha we hinne west op 6 maart ien Drachten. Foar ús dirigint Jeannete Valkema wie it ek spannend want foar har wie it ek de earste kear om troch in fak sjuary beoardield te wurden.

Dus earst repetearre, repetearre en noch ris repetearre ien groepkes en dan wer kompleet mei slachwurkers died we sels net ha mominteel.

En doe ek noch in try-out konsert ien Haskerdiken. Dit wie mei fjouwer oare korpsen died ek nei it konkoers gienen sa dienen we poadium erfaring op en lear je fan elkoar.

Sa ha we neat oan it tafal oer litten mar dôchs is it spannend as je dan op dat grutte toaniel fan de Lawei sitte want je ha mar ien kans.

Mar neffens ús gie it wol knap mar dan ha je fuort noch gjin útslach die kaam pas op e ein fan de dei dat it bliuwde spannend de hele dei.

Gemiddeld hienen we 80 punten wat krekt in earste priis ien hâld, der wine we tige tefreden mei.

Fuort nei it konkours ha we ús taret op de jierlikse muzykútfering of foar dizze kear it sprookjes konsert dit wie op 24 april.

De seal fan it Waltahûs wie tige moai oan klaait, hiele dal ien de sprookje sfear en foar dizze gelegenheid spile it korps ek sokke muzyk fansels.

Ek it jeugdkorps de toansetters mominteel al 15 muzykanten dienen mei ien die sfear ûlf. Arjen Steur. Ferskate leden fan dit korps hienen krekt muzyk eksamen dyn en waarden efkes ien it sintsje set. Ek hienen se foar it earst Hún eigen tenu oan (foto Akkelien Reitsma). In poloshirt wat sponsere is troch



wynkrecht tsien.

Wa't ek ien it sintsje set waard wie Beitske Breeuwsma, se wennet al jierren mei har Abe en hún bern ien Drylts mar se bliuwt Eensgezindheid no al 25 jier trou, se is der altyd en op tiid hulde!!!!

Mar der barde noch mear dizze jûn, sa kaam Lieske Giliam de seal ien as in prinses en fertelde tusken de muzykstikken ien in prachtich mearke en ek de bern fan de legere skoalle dienen mei, sy ha songen ek ûlf ús dirigint Jeannette Valkema want sy jout ek muzykles op de reinbôge.

Mar in muzikale joen is fansels net kompleed sûnder ús eigen doarps troudeboer Jan Nota en sa leefden wy noch lang en gesellich ien it Waltahûs.

Wa't no nijsgjirrich is oer Eensgezindheid kin telâne op ús nije website [www.fanfare-eensgezindheid.nl](http://www.fanfare-eensgezindheid.nl)

Mar we binne ynkoarten ek wer live te sjen en wol op 5 juny op Skiermûntseach mar op 30 juny binne we tichter by hús en dan slute we ús seizoen of mei in pleinkonsert op it skoalplein.

EB.



## EHBO

Tjerkwerd is weer 7 gediplomeerde EHBO-ers rijker. Op 4 februari jl, zijn we gestart met het volgen van de lessen, die door Hinke (Twijnstra) en Hinke (Brandsma) gegeven worden.

Na eerst een uur theorie elke avond, moesten we oefenen met de stabiele zijligging, wondverband aanleggen, AED en reanimeren enz. enz.

De groep was erg enthousiast en gemotiveerd, dus toen het examen naderde, dacht Hinke dat we er na 10 lessen wel klaar voor waren. Op maandag 26 april hadden we de generale repetitie met twee lotussen erbij, dit ging toch wel iets anders, dan als we op elkaar moesten oefenen. Maar na deze avond hadden we er wel vertrouwen in, dus woensdag 28 april was het zover. Per twee hadden we examen van ongeveer een half uur.

En we zijn allemaal GESLAAGD!!! (zie foto)

Uiteindelijk hopen we het nooit nodig te hebben, maar anders staan Anja vd Wolfshaar, Jan Witteveen sr, Anita Haarsma, Lieske Gilliam, Evelien Bakker, Paula Altenburg en Riemkje Lemstra klaar voor jullie!!

Dankzij de goede hulp van Hinke en Hinke.

In Tjerkwerd zijn nu rond de 60 mensen die hun EHBO diploma, met AED hebben, dat is ongeveer 1 op de 7 die gediplomeerd is, dat geeft toch wel een heel veilig gevoel.

Groet Riemkje Lemstra.



## KEATS FERIENING DE TWA DOARPEN

Begjin maaie is it keatsseizoen foar KF De Twa Doarpen wer fan start gien. Op Tiisdei en Tongersdei is it alwer in gesellige drokte op it skieppefjild!

Tiisdeis keatse de bern. De jongsten (groep 3 en 4) begjinne om 18.45 oere en gean troch oant 19.30 oere. Se doche spultsjes en oefeningen om it keatsen ûnder de knibbel te krijen. Dizze training stiet ûnder lieding fan Erna, Reiny en Atty.



Foar de bern fan groep 5 oant en mei 8 wurdt it wat serieuzer, want nêst trainen, spylje sy ek alle wiken in partij dy't meitelt foar de kompetysje! De acht bern dy't oan 'e ein fan it seizoen de measte punten by mekoar keatst hawwe, winne in moaie beker. Foar de alderbêste is der dêrneist ek noch de wikselbeker dêr't de namme yn komt te stean.

Dizze beker stiet op it stuit op de Sylroede bij Klaas Jan. Hij sil goed syn bêst dwaan om syn titel dit jier te ferdigejen en alle oare bern besykje dat fansels foar te kommen! De earste kompetysje jûnen wienen bytiden al tige spannend en it wurdt yn de rin fan it seizoen fansels alline mar spannender. De bern fine it o sa moai as der wat publyk komt te sjen, dus kom mar ris del op in tiisdeitejûn om se oan te moedigjen!

Ype Bote en Seakle besykje de bern alle keatskneepkes by te bringen en sy krije dêrbei hulp fan û.o. Peter, Anne, Wiebren en Riemer.

It is moai om te sjen dat der sa'n soad bern yn Tsjerkwert en Dedzjum binne dy't entûsjast binne oer it keatsen! Tiisdeis steane der al gau mear as 40 bern op it fjild!

Ek de dames binne wer los mei it keatsen. Spitich genôch is der noch net in offisjele trainer fûn foar dizze groep, mar dêr litte de froulju harren net troch wjerhâlde! Hja steane alle tiisdeis fanôf 20.00 oere op it skieppefjild harren baltsjes te slaan en dat is tige gesellich. It nivo is tige wikseljend: fan 'alderearste kear' begjnners oant trochsetters, dus elkenien kin der by!

En dan is der fansels op Tongersdeitejûn foar alle mânlju en froulju fanôf de basisskoalle it kompetysjekeatsen. It giet der bytiden behoarlik fanatyk oan ta! It kompetysjekeatsen begjint om 19.00 oere.

Ek dit jier stean der wer in tal partijen op it programma.

***Der binne in pear data en tiden fan partijen feroare*** dus let allegearre goed op en feroarje it op it skema wat jim thús ha, set it yn jim aginda en skriuw it op jim kalender! De wizigings binne dik printe.

- ☞ **Freed 4 juny, 16.00 oere,**  
Ledenpartij foar de jeugd oant 16 jier.  
Tegearre mei Wolsum, yn Wolsum.  
Keatse yn ferskate âlderdomsklassen  
Opjaan kin oant en mei tiisdei 1 juny
  
- ☞ **Snein 13 juni, 11.00 oere; Ledenpartij fanôf 16 jier,** tegearre mei Wolsum, yn Wolsum.  
Opjaan kin oant en mei tongersdei 3 juny
  
- ☞ **Snein 27 juny, 11.00 oere, sêfte bal partij.**  
Foar elkenien en alle leeftiden.  
Sponsor: *Dierenartsenpraktijk Bolsward*  
Opjaan kin oant en mei tongersdei 24 juny
  
- ☞ **Sneon 17 july, 11.00 oere,**  
Ledenpartij foar bern en senioaren.  
Sponsor: *Hylke Feenstra*  
Opjaan kin oant en mei tongersdei 15 july
  
- ☞ **Snein 15 augustus, 11.00 oere Famyljekeatsen**  
Sponsor; *De Boeren fan Beabuorren, Jousterp en Rytsjeterp*  
Opjaan kin oant en mei tongersdei 12 augustus.

Der is wilens ek al in partij keatst, op sneon 15 maaie. 12 pearkes wiene by inoar kommen op it Skieppefjild foar it Pearkekeatsen.

It wie spitichernôch net echt moai waar, mar dêr wie it keatsen net minder om!



Yn de finale stiene Sjoerd Bouma en Eline tsjinoer Auke Attema en Freerkje Walsma. Freerkje en Auke keatsten krekt wat better as Sjoerd en Eline en eindigen as winner. Foar Freerkje in hiel bêst begjin fan dit seizoen. Har earste partij, keninginnedei, wûn sy de krâns mei Ype en Lisanne en no, har twadde partij fan it seizoen, alwer de krâns, tegearre mei Auke.

Yn de ferliezersomloop stienen heit en dochter Peter en Rowanne Terpstra tsjinoer twa âld bestjoersleden: Joke de Jong en Durk Walsma. It wie tige spannend. Peter en Rowanne wiene de earsten dy't seis earsten by mekoar keatsten en wiene dêrmei de winners fan de ferliezersomloop.



*Janneke fan It Waltahûs mei Freerkje en Auke*

Sponsor fan dizze partij wie stichting it Waltahûs en fansels koe elkenien dêr nei ôfrin terjochte foar in snackje, in borrel of in gleske fris. Ek Jan Nota wie wer fan de partij om mei syn ferskes de keatsers te fermeitsjen. It wie in gesellige ôfsluting fan in moaie dei!

Oant safier it lêste nijs fan de keatsferiening. Ha jo of hasto ek sa'n sin om in kear te keatsen, mar bist noch net lid? Dan kinst fansels op snein 27 juny meidwaan mei it sêfte bal keatsen, mar meist ek wol in kear meidwaan mei in training of de kompetysje. Foar mear informaasje kinst kontakt opnimme mei ien fan de bestjoersleden of maile nei [jetske\\_trijntje@hotmail.com](mailto:jetske_trijntje@hotmail.com)

Oant sjen op it Skieppefjild!

#### IT BESTJOER

Sjoerd Bouma	0515 579081	voorzitter
Jetske Dijkstra	0515 560101	secretaris
Jan Postma	0515 572613	penningmeester
Wiebren Poelstra	0515 579444	
Lisette Kootstra	06 48423254	
Seakle Witteveen	06 13408673	

## Sjong



Sneon 24 april wie yn Theater Dok 18 te Dokkum de finale fan SJONG 2010. Yfke Kampen & Band brochten foar it Marne College út Boalsert mei Us Mearke in moai stikje muzyk. Ek fan de party yn de band wie Margriet fan de Waltawei 55. Spitich dat se net yn 'e prizen foelen, mar faaks makket se in oare kear mear kâns as se foar in solo-optreden giet. Wy ha har earder heard yn it Walatahûs en doe die al bliken dat se wol wat yn 'e hûs hat. Yn elk gefal lokwinske mei it finaleplak. Tige earfol. Foar wa har optreden sjen wol: Omrop Fryslân stjoert it meikoarten út en op You Tube is se ek te sjen. Sjoch: <http://www.youtube.com/watch?v=45BvKlKlXo4>

## Collectes

Nederlandse  Hartstichting


Opbrengst Hartstichting in Tjerkwerd € 303,08 Alle gevers bedankt!

 Hersenstichting  
erledig

De Hersenstichtingcollecte vond dit jaar plaats in de eerste week van februari. Er gingen vele collectanten op pad met de collectebus en dat met deze kou! Wij zijn heel erg blij met de opbrengst. De totale opbrengst in Tjerkwerd was € 186,65.

Heel hartelijk dank!

Alle gulle gevers en de collectante Marja Verzijlberg heel hartelijk dank voor uw bijdrage!



# Earste Ijipaai fûn troch Rintsje Bakker

In ferhaal  
oer Ijppen en mollen

*Troch Gerben D. Wijnja*

Read giet de sinne ûnder yn't westen as ik op in jûn yn april by Geke en Rintsje Bakker oan 'e Singel op besite bin. De beammen wurde al dúdlik griener. Noch eefkes en se sitte wer folop yn't blêd. De toer fan de tsjerke stiet stoer en steatlik op syn tûrpkje. Troch it termopeenrút ha ik it sicht der op. Oan syn foet is it gekartel fan húsdakken dy't swart ôfstekke tsjin de gleone gloede fan de sinne, dy't sa skoander skynt de lêste tiid. Mar foar my op 'e tafel priket de wikselbeker fol nammen fan betûfte aaisikers. En dêr giet it no om. Ferline jier wie Rintsje ek earst, mar doe wie er sa sleau om it net oan te jaan. Dat soe dit jier oars. Hy wie der op út om it earste fan Tsjerkwert te finen. En doe't er dat fûn soarge Geke der heechst persoanlik foar dat de redaksje it witte soe. En dan is der krekt gjinien thús fansels dat Geke weage der in briefke oan en skode dat by ús troch de brievenbus. En sa kaam it dochs noch goed en pronket de beker no by Bakker yn 'e hûs, in besit om grutsk op te wêzen. It slagget alle jierren ommers mar ien dy't it earste aai fynt. En dêr kamen wy dus foar del. Foaral ek om it ferhaal op te tekenjen, want soks is faak fierstente moai om weiwurde te litten.



## Reis mei molleklemmen waard earste ljipaa

"Ik soe dy tiisdeis de 16<sup>de</sup> maart mei de molleklemmen op paad." Sa stekt Rintsje fan wâl. Mar dan komt er oerein en seit: "Ik moat earst in bearenburchje ha, dan kin ik wat better fertelle." Mei in gleskefol komt er werom út de keuken en ploft neist Geke op 'e bank. "Moatst net sa sûpe ju." Geke set him sabeare teplak. Syn reaksje slacht yn as it geheugen fan in gatsjepanne. Geke skuort har de bûsen út fan't laitsjen. De toan foar de jûn is set. It wurdt gesellich.

### "Ik tink do hast lein"



"It wie op dy dei knap sinneskynwaar mar wol kâld. Suver skraal." "Ja, want do hiest de pet op 'e kop," ferdúdliket Geke. "Nee ju, dy is foar de aaien." Foar It Aai, want de reis mei de molleklemmen soe fertuten dwaan. "Ik wie al mei de auto ûnderweis nei de boer doe't ik it lân oer

seach nei de pleats fan Bouwe Speerstra. Ik hie sjoen hoe't de liep op 'e râne stie. En de âld hij sloech yn 'e fûgels om. Dat gong oan ien stik wei troch. Dat ik de auto werom bringe nei hûs en doe gau it lân yn. Der wienen wol nêsten mar gjin aaien, dêr yn it stik lân tsjin de âlde Sylsroede oan. Wol trije kear ha'k om dat iene aai socht, mar it lei der net. Ik werom nei de daam. Ik siet noch mar krekt of it ljipke kaam werom. It wie yn ien kear flûp en sy siet op it nêst." Doe begûn foar Rintsje it geduldich wachtsjen achter de hikke op 'e daam, sa'n bytjse heal ferskûle yn 'e ûnderwâl. "Ik hie der in kertier sitten dat ik tocht, ik moat der mar eefkes hinne. Ik fertroude it noch net. Ik wie sa'n 30 meter fan 't ljipke ôf en sy bleau mar sitten. Ik tocht: do moatst noch lizze, dat ik rûn stadich achterút en op sa'n 50



meter fan't ljipke ôf gong ik op 'e hurken sitten. Ik ha noch fiif minuten wachte. Op't lêst bin ik der mar hinne rûn. Doe't ik sa'n tsien meter fan 't nêst wie rûn sy der ôf. Doe tocht ik: do hast lein. En ja hear, it aai lei dêr sa prachtich yn it nêstke. It wie noch waarm. Ynienen skeat it troch my hinne: dit soe it earste fan 't doarp wolris wêze kinne, want ik hie noch neat heard." En sa wie it mar krekt.

### Wy meitsje de oerstap fan ljippen nei mollen

"Dit stik lân is skjûn. De mollen dy't der noch binne, moatst mei in lampeglêd sykje. Mar yn Aldegea tilt it noch op fan 'e mollen. It is dêr oare



grûn. Se tele dêr mear yn dy swarte modder. En se bringe mear mollen grut. Hjir op 'e klaai sa'n trije, mar dêr wol fiif of sân sels. Altyd in ûneven getal. Is't net frjemd."

Oan it wurd is in fjildman yn ieren en sinen. Rintsje docht neat leaver as troch de fjilden strune, ien mei de natoer. "Wy

geane ek noait op fakânsje ju. Wy genietsje hjirre. Ik fan't hûs en Rintsje fan 't fjild," sa lit Geke witte. "Ik rin leaver in hielde dei yn 't lân as dat ik in wike op fakânsje moat." "Och man, do teldest de oeren doe't wy fuort wienen. Dan wie't: gelokkich, wer in dei om." "Jawis, se sjogge it iten dy ommers fan 'e foarke ôf dêr. Niks wurdich. Wy genietsje folle mear op eigen hiem."

### Mollefanger

Hoe is dy belangstelling foar de mol(len) eins begûn, wolle wy witte. Geke wit it noch sekuer: "Us Hendrika wie krekt geboaren, doe bist der mei begûn." Rintsje glunderet as er der oan weromtinkt. "Jawis, as jongkeardel mjukse ik winterdeis by Wiebe Bakker op Arkum. En dan kaam ik fansels ek wol yn't lân en dan seach ik dy mollehopen. Dat ik sei tsjin Wiebe Bakker: "Mei ik dy klemmen fan dy ris brûke, dan wol ik besykje dy mollen te fangen. " Hy hie der wol fertrouwen yn want hy koe ús heit goed en dy die it ek, mollefange." Geke: "Och jonge ja, Rintsje seach it thús altyd al. Dat wie hiel gewoan. It hiele hûs siet fol mei dy felletroep op planken. It stjonkte der oer, foaral as sy de kachel stookten."

Rintsje grutsk der achteroan: "Dan moastst witte dat in deade mol it slimst stjonkt fan alle kadavers." Hy laket fyntsjes, mar Geke wit noch as de dei fan juster dat Rintsje mei dy mollefellen ek by har oer de flier kaam. "Hy soe it probearje. Wol tsien planken fol mollefeltsjes kamen om de kachel stean te droegjen. It stonk as in kring." It gefolch wie dat de bringst yn it hok bedarre. "Wy barden der doe wol sa'n 80 sinten foar by Eibert Strooband yn Kûbaard. Dy kocht de fellen nammentlik op. Mar nei twa jier wie de hannel der út en Geke sa bliid as in protter. De mollen kamen net werom en de stank wie it hûs tenei út." It mollefangen wie trouwens in aktiviteit dy't oan de tiid fan't jier bûn wie. Allinne winterdeis wie it strûpen de muoite wurdich. Dan wiene de feltsjes blank en sieten der gjin swarte flekken op. Dan barde men der mear sinten foar.

